



Yn te foljen troch de griffier

moasje nû.	
paraaf	
wurklistpunt	

MOASJE, op grûn fan kêst 29 fan it Reglemint fan Oarder

Steategearkomste	2 novimber 2011
Wurklistpunt	02B Begrutting 2012 – wittenskiplike basis provinsjaal taalbelied

De Steaten, yn gearkomste byinoar op 2 novimber 2011;

heard hawwende de rieplachting;

oerwaagjend dat

- de nije media- en taalwet op kommende wei binne;
- der in dat ramt in nij stipepunt foar it Frysk en in Rie foar de Fryske Taal en Kultuer komme;
- der in nij bestjoersakkoart Taal en Kultuer opsteld wurdt;
- der in nij yntegraal taalbelied op kommende wei is;
- de Fryske taal in kearnzaak fan dizze provinsje is;
- yn it ramt fan boppe neamde ûntwikkelingen ferlet is fan in goede wittenskiplike, feitlike basis foar it nije belied;
- in nij wittenskiplik taalûndersyk ek al yn de Taalnota 2008-2010 'Fan rjocht nei praktyk' as aksjepunt stie mar noch net útfierd is;
- it lêste yngreven wittenskiplike ûndersyk 'taal yn Fryslân' al 16 jier âld is;
- de Fryske maatskippij en it belied ûnderwilens gâns feroare binne;

Fersykje it Kolleezje:

- om foar de Kadernota 2013 te kommen mei in plan ynklusyf finansjele paragraaf foar in nij yntegraal wittenskiplik ûndersyk 'Taal yn Fryslân 3'. Mei as doel in degelike basis foar útfieringsmaatregels foar it takomstige taalbelied te lizzen en om oanbefellings te dwaan oer hokker maatregels it measte rendemint foar it Frysk opsmite.

en gean oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Annigje Toering
---------------	---